

# PARSEBERJOCHT

Nûmer: 052 KV  
Datum: 14 maaie 2024

## Nije taalnota *Fansels Frysk*

In fanselssprekkend plak foar it Frysk op skoalle, it wurk en yn de iepenbiere romte. Dat is ien fan de ambysjes yn de provinsjale taalnota *Fansels Frysk*, dy't hjoed troch it kolleezje fan Deputearre Steaten presintearre is. Yn de nota steane de plannen foar it taalbelied fan 2025 oant en mei 2028. Dy freegje foar de hiele perioade om in ynvestearring fan 10 miljoen euro. Provinsjale Steaten sille op 19 juny 2024 de nota behannelje.

"It Frysk hat in fanselssprekkend plak yn it libben fan de meerderheid fan de ynwoners fan Fryslân. Mar bûten de doar is it Frysk net altyd like sichtber, en dat kin oars," stelt Eke Folkerts, deputearre fan taal en taalûnderwiis. 'Friezen moatten harren memmetaal fansels ek bûten de doar brûke kinne, lykas yn it kontakt mei de oerheid en yn de soarch'.

Yn de taalnota is omtinken foar it Frysk thús, yn it ûnderwiis, op it wurk, yn de frije tiid en yn de iepenbiere romte. Ek is der omtinken foar it Frysk by de oerheid, de rjochtsbank en yn de soarch. Wittenskiplik ûndersyk is de basis fan it taalbelied. De provinsje wol dizze basis fuortsterkje, ûnder mear troch nasjonaal en ynternasjonaal better gear te warkjen, ek op kultureel mêd.

Om de ambysjes út de taalnota te realisearjen, is de provinsje ôfhinklik fan in goede gearwurking mei oare oerheden en mei kulturele ynstellings, ûnderwiis- en kennisynstellings. Dizze partijen spylje in wichtige rol yn it taalbelied.

### BFTK

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028, dy't op 8 april tekene is, foarmet de basis foar de taalnota. De nota folget yn grutte linen de opset fan de BFTK, dy't basearre is op it UNESCO-taalfitaliteitsmodel. Yn *Fansels Frysk* leit de provinsje út hoe't sy de ôfspraken op grûn fan har eigen rol útwurkje sil. En hokker strukturele en ynsidintele middelen dêrfoar ynset wurde sille. De Fryske streektalen falle net ûnder de BFTK, mar krije wol omtinken yn de taalnota.

Yn de taalnota wurdt fierder boud op de ambysjes út de foarige beliedsnota, Nij Poadium (2021-2024). Dy nota ferbûn taal, keunst en erfgoude mei-inoar. De ferbining tusken dy beliedsterreinen bliuwt. In beliedsnota oer allinne de Fryske taal jout de kâns om noch better sjen te litten hoe't Deputearre Steaten harren rol de kommende fjouwer jier yngfolge wolle.

# PERSBERICHT

Nummer: 052 KV  
Datum: 14 mei 2024

## Nieuwe taalnota *Fansels Frysk*

Een vanzelfsprekende plek voor het Fries op school, het werk en in de openbare ruimte. Dat is een van de ambities in de provinciale taalnota *Fansels Frysk*, die vandaag door het college van Gedeputeerde Staten gepresenteerd is. In de nota staan de plannen voor het taalbeleid van 2025 tot en met 2028. Die vragen voor de hele periode om een investering van 10 miljoen euro. Provinciale Staten zullen op 19 juni 2024 de nota behandelen.

“Het Fries heeft een vanzelfsprekende plaats in het leven van de meerderheid van de inwoners van Fryslân. Maar buiten de deur is het Fries niet altijd even zichtbaar, en dat kan anders,” stelt Eke Folkerts, gedeputeerde van taal en taalonderwijs. “Friezen moeten hun moedertaal natuurlijk ook buiten de deur kunnen gebruiken, zoals in het contact met de overheid en in de zorg.”

In de taalnota is aandacht voor het Fries thuis, in het onderwijs, op het werk, in de vrije tijd en in de openbare ruimte. Ook is er aandacht voor het Fries bij de overheid, de rechtkant en in de zorg. Wetenschappelijk onderzoek is de basis van het taalbeleid. De provincie wil deze basis versterken, onder meer door nationaal en internationaal beter samen te werken, ook op cultureel vlak.

Om de ambities uit de taalnota te realiseren, is de provincie afhankelijk van een goede samenwerking met andere overheden en met culturele instellingen, onderwijs- en kennisinstellingen. Deze partijen spelen een belangrijke rol in het taalbeleid.

### BFTK

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028, die op 8 april is getekend, vormt de basis voor de taalnota. De nota volgt in grote lijnen de opzet van de BFTK, die gebaseerd is op het UNESCO-taalvitaliteitsmodel. In *Fansels Frysk* legt de provincie uit hoe zij de afspraken op grond van haar eigen rol zal uitwerken. En welke structurele en incidentele middelen daarvoor zullen worden ingezet. De Friese streektalen vallen niet onder de BFTK, maar krijgen wel aandacht in de taalnota.

In de taalnota wordt verder gebouwd op de ambities uit de vorige beleidsnota, Nij Poadiem (2021-2024). Die nota verbond taal, kunst en erfgoed met elkaar. De verbinding tussen deze beleidsterreinen blijft. Een beleidsnota over alleen de Friese taal geeft de kans om nog beter te laten zien hoe Gedeputeerde Staten hun rol de komende vier jaar willen invullen.

Voor meer informatie kunt u bellen met de afdeling Communicatie van de provincie Fryslân, tel. 058 – 292 57 35. Foar mear ynformaasje kinne jo belje mei de ôfdieling Kommunikaasje fan de provinsje Fryslân, til. 058 – 292 57 35.